

Jonge; Ps 138: 1 en 3
Ps 1: 1
LB 449: 1, 3, 4 en 5
Ps 111: 5 en 6.

Deere Rukus 18: 1-14
Jedst " 18: 9-14

SSCNOSSSEN

9.

De Preek

Nei de preek sjonge wy Ps. 111 fss ~~1, 4, 5, 6~~

Gemeente fan ús Heare Jezus,

wy belibje al wer in Lutherjier. Yn '83 waard betocht dat it 500 jier lien wie dat Maarten Luther yn it dútse doarpke Eisenach te wrâld kaam. No, yn '96, is it 450 jier dat hy stoar. Hy is it betinken wol wear-dich. Al soe it allinnich mar dêrom wêze dat hy yn syn dagen hiele Europa yn ûnstjûr brocht. De paus hate him fûleindich om wat hy die. En dy paus hie de ke-ningen fan de grutte lannen fen dy tiid op syn hân. Mar folle gewoane minsken hienen Luther heech yn'e rekken.

Wêrom dochs? Om't hy oan'e gemeente werom joech wat sy yn'e midsieuwen neiernôch kwyt rekke wie: it Wurd fan'e HEARE sa as it ús fertelt fan Gods genede foar minsken as wy binne: sûndich en ferkeard.

Dêr binne guon minsken dy't dêr oars oer tinke.

Hja wolle hawwe dat folle lju nei Luther hearden om't se sa bedroefde earm wienen en tochten dat Luther dêr wat oan feroarje soe. Ik sis net dat soks hiel en dal net meispile hat. Mar wer as it dochs echt om gong wurdt men op syn allerbêst gewaar as men tinkt oan wat Luther as jonge man belibbe hat. Dêr witte ús skoalbêrn ek wol it ien'en oar fan. Master hat'er fêst wolris oer ferteld.

Luther krige it as jongkeardel al krap mei him sels. It liet him mar net los dat 'er safolle dien hie en noch die, dat yngong tsjin wat God fan ús wol. Hoe koe safolle kwea him troch God ferjûn wurde? It antwurd dat syn roomske learmasters dêrop joegen befoel him net. Dy seinen hy moast mar in protte goeie wurken dwaen. Luther die syn bêst. Mar yn syn herte bliuw de ûnrêst bestean.

Doe liet de HEARE him it ljocht opgean út'e Skrift: Luther, sa lies er dêr, in minske wurdt frijsprutsen fan sûnde en skuld trochdat hy leaut yn'e Heare Jezus en aonnimt wat Hy foar ús dien hat! Hy hat foar ús betelle!

Dit boadskip foun wjerklank yn'e herten fan tûzenen fan minsken. Sola gratia - allinnich troch genede.

Sola fide - allinnich yn'e wei fan 't leauwen.

Dat boadskip makke folle minsken och sa bliid!

De Heare Jezus sels fertelt ús fan dit evangeelje yn'e

GELIKENIS FAN'E FARISEEER EN DE TOLBAAS

Dêryn hat Hy it oer;

1. twa ûngelikense minsken;
2. twa manieren fan bidden;
3. twadderhande útkomst.

1. De gelikenis fan dy beide minsken hjirre, in fariseeër en in tolbaas, is net in los ferhaal. It hinget net yn'e loft. It hat yn fers 9 in ynlieding en in útein yn fers 14. Yn'e ynlieding seit de Heare foar hokker minsken de gelikenis bedoeld wie. En yn'e útein leit Hy dy selde lju it fjûr nei oan'e skinen as er seit : wa 't lyts man wêze wol foar de Heare oer, dy wurdt grut makke. Mar wa't foar Him de grutte man úthinget sil it krekt oarsom fergean !
Hokker lju wienen dat, dy't dizze gelikenis perfoarst hearre moasten ? It wienen minsken dy't fan har sels tochten dat sy rjochtfearnich wienen. Op oare minsken seagen hja del. Hja fertrouden dat God oer harren wol te freden wie. Hja stienen foar Him oer net skuldich. Mar mei al dy oare lju koe it nea goed komme. Dy hiene it by God bedoarn. Oan'e earen ta sieten sokken by Him yn'skuld !

No soe men sizze kinne : dy earsten makken har dan dochs mar drok oer in frage dêr't hûnderten fan minsken nea oan takomme : wa bin ik yn Gods eagen ? En dat is dochs in wichtige fraach. Dat is sa. Elkenien moat antwurdzje kinne as him frege wurdt :

Wer bliuwst dû strak yn d'ivichheid ?
Founst dû al Gods barmhertichheid ?
Kinst dû aensens God fertelle :
mar foar myn skuld is al betelle !?

Dat dizze lju dêr mei ompield hienen kin men neat fan sizze. Mar hja makken in fout. Hja wienen fierstente gau út'e rie west. En in hastich antwurd is yn dit gefal licht in ferkeard antwurd.

Wêr bliuwst du strak yn d'ivichheid...?
Dêr moat in goed en geef antwurd op komme. In antwurd dat op'e grutte dei fan ús Heare Jezus hâldt !
En dat goede antwurd wol Hy sels ús hjir leare.

Dêrom fertelt Hy ús fen twa dy mannen. Ungelikense mannen wienen it. Want de iene wie in fariseeër en de oare in tolgarder.

Earst mar wat oer de fariseeërs. Hokker minsken wienen dat ?

Fariseeërs wienen joaden dy't hearden ta in godtsjinstige beweging dy't doedestiids al sa'n twahûndert jier bestien hie. De namme betsjut : ôfskiedenen. Dat komt by ús net raar oer. Yn it begjin wie it ek in soarte fan reformaasje west. Yn in slappe en godtsjintich sleauwe tiid hienen de fariseeërs har bêst dien de minsken werom te krijen op it paad fan Gods geboaden. Dat wie goed. Mar goud kin syn glans ferlieze. It moaie kin dêr ôf gean. En dat wie hjir bard. Sa slim dat de Heare Jezus tsjin harren, mear dan tsjin oare joaden, opkomme moast mei syn warskôging : wee, jimme fariseeërs ! Wat hat Hy dat faak sein !

Wat'er mei harren yn'e war wie makket de Heilân ús dúdlik makke mei in gelikenis. Gelikenis fertelle - dêr wie de Heare Jezus in master yn. Gelikenis

sen brûke krasse bylden. Yn in pear streken delset, wurde minsken foar ús úttekene. Sa skerp en klear as it mar kin.

De fariseeër fan ús gelikenis is it petret fan alle fariseeërs út Jezus syn tiid hjir op ierde. Fensels, yn'e praktyk fan it it deistich libben kamen dy mannen ungelikens oer. Krekt as by alle soarten fan minsken. Dêr wienen grif lestiche, ferfelende keardels by. Mar oaren wienen oannimlike lju. Tink mar oan dy rike jongeman, dy't by Jezus kaam en Him frege : wat moat ik dochs dwaen om behâlden te wurden ? Hy wie in fariseeër. Dat die bliken. Mar de Heare mocht him as minske fierder wol lije. Dat seit ús de bibel.

Dochs, as de kniper op de skine kaam wienen dy fariseeërs allegearre deselden. Mannen och sa wiis mei harsels. Oare minsken kamen op gjin stikken nei oan harren ta. En God ? Och, dy moest wol heech by harren op sjen ! Koe net oers - fûnen sy sels. Oan harren wie lek noch brek te finen.

Om koart te gean : dy fariseeërs wienen in folkje dat him sels ferhege. Foar God en foar de minsken oer.

Mar no wurdt it tiid om wat neiers te fertellen de tolgarder. Wy soenen him hast ferjitte !

Wat wienen dat dan foar minsken : tolgarders? De namme seit it al. Hja moasten soargje dat it toljild betelle waard. Earder stienen ek yn ús kontreien lâns de wegen hjir en dêr tolhúzen. Men ken se'er noch wol út ! Foar sa'n hûs stie dan in draaihibke oer de dyk hinne. Foar wa't er troch woe moast de tolbaas de hibke iepen sette. Mar dêr moest foar betelle wurde. In stoer foar in man mei hynder en wein. En in sint foar in fytser. Sa wie op guon plakken noch doe't dizze sprekker in jonkje wie.

Fan de tolbazen fan sa'n santich jier lien wie meastentiids gjin kwea te sizzen. Bêste, earlike minsken. Mar yn'e tiid, dat ús Heare Jezus hjir op ierde wie, - lei dat al oars. Alleast in it lân dêr't de joaden wennen. Dêr leinen tolgarders op in strieminne namme. Om dat te begripen moat ik jim wat ferdútse oer it belestingwêzen fan dy tiid. Belesting oer it ynkommen, dy't by úzes sa'n protte jild op smyt, koe men net. Fierwei it measte jild kaam yn't ponkje troch in belesting dy't oplein waard by yn- en útfieren fan hannelswaren. By grinzen tusken lannen mar ek op kruisingen fan drokke wegen stienen tolkantoaren.

Mar no dy minne namme fan 'e tolgarders !

Oan'e offisjele tarieven lei it net. Dy wienen fensels nei't betinken fan wa't betelje moast altiten te heech. Dat is hjoed de dei net oars. Mar dêr lei yn dit gefal de pine net. De tolgarders kamen op in kwaede namme om't sy fan har wurk in potsje makken ! Hja dienen alle war om 'er sels sa folle as it koe fan oer te hâlden. Dat waard mei yn'e hân wurke troch dat hja harren wurk net dienen foar in fêst salaris. Hja hierden it tolgarjen fan'e oerheid foar net te min jild. En moasten dan sels mar sjen dat 'er wer út te krijen. Men kin fan tinken wol hawwe dat it op in

knoejen útdraaide om 'er elke kear in stürmannich better fan te wurden. Neat gjin wûnder dat de 'klienten' hiel wat ôf prottelden. Gjin minske dy't leaude oan in rjochtskepen tolgarder.

Dêr wie winliken noch in oare reden dat de minsken tolgarders net lije mochten. It soe minder slim west hawwe as hja har wurk dien hienen foar in eigen joadske oerheid. Mar sa lei it dêr net hinne. Guon tolgarders dienen har wurk foar Heroades, de kening dy't men dochs al sa min lije mocht. Mar de measten stienen yn tsjinst fan de romeinske besettende macht. Fan'e fijân dus. Dat sadwaande waarden tolgarders ek noch oansjoen foar kolloboarateurs, foar ferrieders fen de eigen naesje.

As de Heare Jezus hjir in tolgarder del set as type fan in grut sûnder, dan binne syn harkers it dêr mei sûnder mis gloeiend iens. De iene tolgarder mocht dan de oare net wêze, it soart doogde nearne nei. Sa wie't mar !

Dat ús God ek noch wolris minsken feroaret, sa as dy lytse tolgarder Sacheüs, der waard toch de minsken fan doe hast net mei rekkene. It hjitte doe ek al : ien kear in dief is foar altiten in dief!

Mei ik op dit punt eindigje mei in fraach : Binne wy op dit stik wol sa folle better ?

2. Om dêr oer nei te tinken geane wy fierder mei it ferhaal fan ús tekst.

De Heare Jezus lit dy beide mannen, de fariseeër en de tolgarder, nei de timpel gean. Beide wolle se dêr bidde.

Wy geane earst achter de fariseeër oan.

As hy yn'e timpel komt 'stiet' er dêr, seit de Heare Jezus. Hy stie der ! Rjocht oerein ! Wy soenen sizze : mei in slach yn'e rêch. Hy fielt him dêr goed op syn plak. Falt goed yn't gesicht fan oare tempelgongers. Dêr mochten fariseeërs graach oer !

Hy begjint mei God te tankjen. Mar wy hearre raar op fan wat hy seit. Dat is hiel oars as : Heare, ik tankje Jo tige dat ik, in lyts en sûndich minske, myn eagen nei Jo opslaan mei... Hy tanket God dat hy net is as oare minsken. En dan neamt'er in stikmannich fan dy oaren op. Net fan'e bêsten ! Rovers, dogeneaten en huorkers. Der wurdt syn eigen petret al gâns moaier fan ! Mar sjoch, dêr falt syn each op'e tolgarder, in eintsje fan him ôf. En hy seit tsjin'e Heare : en sa as dy dêr bin ik al hielendal net.

Om foar God oer noch mear te pronkjen fertelt'er de Heare wat hy foar Him oer hat. Hy fêstet twaris yn'e wike. Dan lit'er it iten hielendal oergean. Moat men jên ris yntinke ! En fan alles wat by him ynkomt jowt hy hiel sekuur de Heare it tsiende part.

En hjir haldt dan syn bidden wat hookstrooks op. It duorre grif by fariseeërs meastal langer. Mar foar it doel dat Jezus mei dizze gelikenis hat is it lang genôch. It giet Him net om alles wat fariseeërs wolris foar God del leinen yn'e lange gebeden dy't hja plichten te dwaan. Ek net iens om hoe't hja it krekt

seinen. Mei hokker wurden. De measte fariseeërs hienen'er wis wol ferstân har gebeden moai oan te klaaien. Wat gaadliker for minske'earen. Net sa healwiis grutsk as by dizze man út 'e gelikenis. De Heare lykwols wol ús hjir foar hâlde hoe't sok bidden, út sa'n gemoed wei, by Him oer komt. Foar Him wie dizze bertale opsprekkerij gjin bidden. Syn hillich earen kinne sok pochen net ferneare.

En, bêste harkers, sis no mar net al te hastich : soks fynt God by my net ! Want earlik is earlik : krekt like goed as wy allegaerre - sa't it segje seit - fan'e paus wol it ien'en oar yn ús hawwe, binnen wy ek net frjemd fan'e alle fariseeërsmentaliteit. It komt ús spitichernoch ek wol oer dat wy foar God net lyt-sman wurde wolle. Dat wy sûnden net sjogge of, slimmer noch, net litte wolle. Of goed prate. As wy - om mar wat te neamen - mei minsken spul hawwe en de minste net wêze wolle. En dan dochs mar moai bidde. Krekt as wienen wy de wite ûnskuld sels. Minsken kinne wy dêrmei sa te fiter hawwe dat se fan ús sizze : wat in 'gebedsgaven' hat dy man dochs ! Mar dat slagget ús by de Heare net. Hy heart yn ús bidden wat it yn wierheid is. Hy sjocht dwers troch ús hinne. Foar Him leit it herte fan alle minsken iepen en bleat. It ûnbekearde hert, mar likegoed is Him ek bekend wat libbet yn it gemoed fan bêrn fan Him, dy 't op'e doele rekke binne. Of net earlik foar Him libje. Har bidden skrillet troch syn earen mei falske klank.

Mei bidden komt it och sa krekt. Fen it bidden van dizze fariseeër hat immen sein dat it einliks flokken wie! De man hie gelyk ! En yn Gods earen is sok flokken wis noch slimmer as in grau wurd, dat in drifkop út'e mûle falt.

It wurdt no tiid dat wy ús tolgarder wer opsykje. Ek fan Him fertelt de Heare Jezus dat hy stie ! Mar hy stie 'fan fierren'. Fierder fan it timpelgebou ôf. Allicht yn it foarhûf fan'e heidens. As it er op oan komt is dizze man alles by it Godshûs te hillich dan dat hy dêr ferkeare mei. Wat er krekt tusken God en him yn stie wurde wy út de gelikenis net gewaar. Hie it mei syn wurk fan dwaan ? Wie hy ek ûnearlik west ? It kin fensels ek wol wat oars west hawwe. Wy komme it net oan'e weet. Mar de fracht fan skuld, dy't hy draacht, weagt sa op syn skouders dat hy moat er mei nei de tempel. Wat sil'er dêr tsjinoan hongen hawwe om dêr hinne te gean. Wat soenen de minsken 'er fan sizze as hy der ta de poarte ynkomt ? In tolbaas yn'e tempel ? Kin dat wol ? En God ? Sil hy by God wolkom wêze ? Mar it driuwt him sa dat er giet. Och sa skruten stiet'er dêr aansens. Hy doart syn eagen net omheech te slaan nei de himel ta. Sa skammet hy him. Mar dan slag't'er de hân tsjin 't boarst en smyt it 'er út mei klaaglik lûd : o God, wês my, sûnder as ik bin, genedich ! Der giet it ús Heare Jezus hjir om. Hy lit ús in oar minske sjen dy't oars bidt. Ut in oar herte wei. Ut

in nederich herte. Ut in gemoed fol fan ûnrêst en benaudens. De man praat net oer oaren dy't winliken noch minder binne as hy is. Hy hat it ek net oer tekoart oan leafde yn 'e tsjerke foar minsken sa as hy ien wie. Of oer te min pastoarale soarch. Foar it lêste hie hy faaks wol rjocht en reden hawn. Mar nee, dizze man hie it mei eigen skuld en sûnde slim te krijen.

Hy bidt yn 'e trant fan de man fan psalm 51 : dylgje, Heare, myn skuld en ferjou wat ik misdie ! Jim witte dochs wol, jongens en famkes, wa't dat wie. Ja, ik sjoch it al, jim soenen my de namme neame kinne. Krekt ! It wie David. Dy brûkte dy wurden, doe't er sa swier sûndige hie mei Batseba. En doe't er har man Uria fermoardzje litten hie. Doe kaam er in profeet by him - jawis, Natan wie syn namme ! En dy sei tsjin him : dû bist dy man, dy grutte sûnder. Dêr rekke David doe och sa oerstjûr fan. Hy waard, krekt as de tolgarder, lyts man foar de Heare oer. Hy seach yn wa't hy wie. In minske yn sûnde untfongen en yn ûngerjochtigheden berne ! Dy't it foar God hiel en dal bedoarn hie.

De bedoeling van Jezus'ferhaal is wol sa trochskynend helder dat we no mar gjin aparte tapassing hâlde nei de iene of nei de oare kant of nei dizze of dy ta. Ik bin der einliks bang foar om dat te dwaan. 'k Koe wolris net neame guon dy't fan sa'n tapassing krektlike folle ferlet hawwe as oaren. Ik soe ek my sels 'ris oerslaan kinne ! It wol ommers ús allegearre sa maklik ûntkomme dat de ûndergroun en toan fan al ús bidden altiten heart te wêzen wêr't dizze tolgarder God op ferge : genede fan God, dy't om Jezus, ús Heilân, fol is fan genede foar wa't Him dêrom sykje. Foar God kin gjin minskebêrn bestean dy't net wit fan dit dimmen freegjen. Want wolgefallich is de Heare it ferslein en tebrutsen gemoed.

It makket dêrby neat út oft it no giet om in tolgarder of om David of om jimme of om my. Genede - dêr moat elk bêrn fan God it fan hawwe.

3. As de gelikenis út is seit de Heare Jezus : Ik sis jimme ...! Soks is by Him meastal de ynlieding op in wichtige konkluzje út wat Hy krekt sein hat. Dat is hjirre ek sa. Twa ungelikense minsken dienen in tige ungelikense bea. Wat die de HEARE dêr doe mei ?

Dat sil ik jim sizze, seit de Heilân. De iene, de lêste bidder, gong rjochtfeardige nei hûs ta. Mei de oare, dy fariseeër, gong it krekt oarsom. Dy gong mei lege hannen fuort.

De tolgarder waard rjochtfeardige, seit Kristus. It wurd, hjir brûkt, is wat út 'e moade. Mar it betsjut krekt it selde as : frijsprutsen van sûnde en skuld. Frijsprutsen troch God en foar God. En dat is wer't elkenien it meast en it earst ferlet fan hat.

Want : Mei rjocht en reden
soe om ús ûngerjochtigheden
de hill'ge God en Heare
ús syn geunst ûntkeare.

Us sünden moatte ús ferjûn wurde.

En om de geunst fan ferjouwing wol de HEARE frege wurde. Minsken, net fan 'e tsjerke, moatte dat freegjen leare. Mar minsken, dy't al fan Gods gemeente binne, moatte deselde wei gean.

Dêr moat men net tsjin yn bringe : mar dy lêsten, dy tsjerkeminsken, hawwe dochs de frijspraak fen sünden al tasein krige. Dêr binne se dochs foar doopt ! Dat is wier. Sy hearre ta it ferbûn, dat de HEARE sletten hat mei dy't leauwe en mei harren bêrn. Sy hawwe wiswier om sa te sizzen yn harren doop in extra grûn om frijspraak te bepleitsjen. Mar krekt sûnder dat pleitsjend freegjen komt it net klear. Bliuwt ús skuld op ús skouders.

Fariseeërs hienen it faek folle oer Gods ferboun mei Abram's neiteam. Se gongen er grut op ! Mar dat it in ferbûn fan genede wie, dat stie harren net mear for eagen. En ek bêrn fan it ferboun moatte it fan genede hawwe. Dat wienen fariseeërs alhiel fergetten. Sa wie't ek mei de fariseeër út ús gelikenis. Hy hie it, miende hy, sels al fertsjinne. Hy frege dus mar neat. En krige neat ! In minne saak ! Moat ús net oer komme, gemeente.

Wêr bliuwst dû aansens yn 'e ivichheit ?

De tolgarder koe mei in fleurich sin nei hûs ta gean. Rjochtfeardige wie hy. De Heare Jezus praat net oer wat dy man doe fielde. Hy hâldt de gelikenis mei opsetsin koart, mar wy kinne 'er wis fan wêze dat sokke minsken frede ûnderfine. Harren illinde wie djip mar har blydskip is navenant grut. Hja sjonge :

'k Haw beliden al myn kwea en misse gongen,
ferjouwing ha 'k fan Jo ûntfongen.

Jo hawwe my, o Hear, genedich west :

Jo namen fan my ôf myn sûndelêst.

Wy kinnen fan tinken wol hawwe, gemeente, dat it publyk dat de Heare Jezus dizze gelikenis fertellen hearde, mei it ferhaal wol wat oan wie. De joaden fan doe wienen alle gearre grut wurden min ofte mear by de leare fan 'e fariseeërs. Sels by de disipels fan 'e Heare kypet dat mannich kear om 'e hoêke. Hja hienen op dat stuit noch gjin weet fan Golgota en wat dêr foar ús minsken bard is. Dat joech by harren noch faak ûnbegryp foar wat de Heare Jezus har foarhâlde.

Mar mei ús stiet er al oars foar ! Wy binne oars grut brocht, gemeente. It is ús al oars leard ! Hiel oars. Want ús is ferkundige, fan jongs ôf oan, de krúsige Heare en Heilân ! En syn krús ropt lûd en fier : dû hast neat fan dy sels om mei by God yn 'e geunst te kommen. Alles wat wy fan ús kant foar Him dellizze kinne is ta weismiten keard. Is yn Gods eagen neat mear, seit de bibel, as fodden en flarden.

Mar dat selde krús jout rike treast. It hâldt ús foar : fan genede, sa grut dat se net te mjitten falt, meie jimme libje. Wy wurde troch God sels oantrúne dy genede oan te nimmen. Hy docht dat hjoed. Hy docht it

